

De Tsien Wurden

*Yn 'e ferzjes 1-5 en 7 wurde de oanhef en de ôfsluting
altyd troch de foargonger útsprutsen;
de Tsien Wurden troch in lektor.*

Jo roppe wy oan, o God,
want Jo iepenje de wei nei it libben
en sprekke jo wurd fan befriijing:

Ik bin de HEARE, dyn God,
dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.
Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Do meist dy gjin byld meitsje,
gjin inkelde ôfbylding fan wat boppe yn 'e loft is,
of ûnder op 'e ierde, of yn it wetter ûnder de ierde.
Do meist dy der net foar bûge, noch har tsjinje,
want Ik, de HEARE, dyn God, bin in oergeunstich God,
dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten op 'e bern ferhellet,
oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My
haatsje,

mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht
fan dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Do meist de Namme fan de HEARE, dyn God, net misbrûke,
want de HEARE lit net frij-út gean,
wa't syn Namme misbrûkt.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Tink om 'e sabbatdei, en hâld dy hillich.

Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan.

De sânde dei lykwols is in sabbat foar de HEARE, dyn God.

Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan,
do net, dyn soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavine,
ne,

noch dyn fee, noch de frjemdling by dy yn 'e poarte.

Want yn seis dagen hat de HEARE de himel en de ierde
makke,

de see en alles dat dêryn is
en Hy rêste de sânde deis.

Dêrom hat de HEARE de sabbatdei segene en dy hillige.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Earje dyn heit en mem,

datst lang libje meist op 'e grûn dy't de HEARE, dyn God, dy
jout.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Do meist net deaslaan.

Do meist net troubrekke.

Do meist net stelle.

Do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Do meist dyn neiste syn hûs net begeare;

do meist dyn neiste syn frou net begeare,

noch syn slaaf of slavinne,

noch syn okse of ezel of wat ek mar dyn neiste sines is.

Ferlos ús, HEAR, en wiis ús de wei.

Wy roppe Jo oan, o God,

want Jo sljochtsje ús de wei nei it libben

Liturgyske sangen 28-29

of:

2 DE TSIEN WURDEN AS SMEEKBEA (Ex 20:2-17)

Wy roppe Jo oan, o God,

harkje goedgeunstich nei ús stim, HEARE,

jou ús it libben neffens jo rjochtsútspraak, (Psalm 119:149)

Jo dy't jo folk foar hâlde:

Ik bin de HEARE, dyn God,

dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.

Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.

Sjoch nei ús om en befrij ús.

...ensafuorthinne...

Wy roppe Jo oan, o God,

jou ús it libben neffens jo rjochtsútspraak.

Liturgyske sangen 30

Fan âlder op âlder bliuwt jo trou;
Jo hawwe de ierde grûndearre – en dy stiet, (Psalm 119:90)
want Jo sizze tsjin ús:

Ik bin de HEARE, dyn God,
dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.
Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.
Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.
Do meist dy gjin byld meitsje,
gjin inkelde ôfbylding fan wat boppe yn 'e loft is,
of ûnder op 'e ierde, of yn it wetter ûnder de ierde.
Do meist dy der net foar bûge, noch har tsjinje,
want Ik, de HEARE, dyn God, bin in oergeunstich God,
dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten op 'e bern ferhellet,
oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My
haatsje,

mar dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht
fan dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist de Namme fan de HEARE, dyn God, net misbrûke,
want de HEARE lit net frij-út gean,
wa't syn Namme misbrûkt.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Tink om 'e sabbatdei, en hâld dy hillich.
Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan.
De sânde dei lykwols is in sabbat foar de HEARE, dyn God.
Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan,
do net, dyn soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavine,
ne,

noch dyn fee, noch de frjemdling by dy yn 'e poarte.
Want yn seis dagen hat de HEARE de himel en de ierde
makke,

de see en alles dat dêryn is
en Hy rêste de sânde deis.

Dêrom hat de HEARE de sabbatdei segene en dy hillige.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Earje dyn heit en mem,
datst lang libje meist op 'e grûn dy't de HEARE, dyn God, dy
jout.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist net deaslaan.

Do meist net troubrekke.

Do meist net stelle.

Do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist dyn neiste syn hûs net begeare;

do meist dyn neiste syn frou net begeare,

noch syn slaaf of slavinne,

noch syn okse of ezel of wat ek mar dyn neiste sines is.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Fan âlder op âlder bliuwt jo trou;

Jo hawwe de ierde grûndearre – en dy stiet.

Liturgyske sangen 31

of:

4 DE TSIEN WURDEN AS LOFSIZZING

Lit myn roppen ta Jo komme, o HEARE,

jou my ynsjoch sa't Jo tasein hawwe.

Lit myn lippen oerrinne fan lof,

want Jo leare my jo foarskriften,

(Psalm 119:169,171)

Jo dy't tsjin ús sizze:

Ik bin de HEARE, dyn God,

dy't dy út Egypte, it slavehûs, weihelle hat.

Eare oan Jo, o HEARE.

Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.

... ensafuorthinne ...

Lit myn lippen oerrinne fan lof, o HEARE,

want Jo leare my jo foarskriften.

Liturgyske sangen 32

5 DE TSIEN WURDEN AS BELIDENIS FAN IT LEAUWEN
(Deut 5:6-21)

Allegearre dy't libje yn dizze wrâld
en útsjogge nei Gods takomst,
harkje nei de tasizzingen fan de God fan Israel
en priizgje syn namme yn ivichheid.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Ik bin de Ivige, dyn God:

Ik ha dy út it lân Egypte, út it slavehûs weihelle.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Do meist gjin oare goaden foar myn eagen ha.

Meitsje dy dus gjin byld fan hokker foarstelling ek mar,
fan wat boppe yn 'e loft is, of ûnder op 'e ierde,
of yn it wetter ûnder de ierde.

Do meist dy dêr net foar bûge, noch har tsjinje,
want Ik, de Ivige, dyn God,

bin in God dy't alles opeasket:

it sûndepatroan fan de âlders

ferhelje Ik op de bern,

oan it tredde en fjirde geslacht ta fan harren dy't My
haatsje,

mar Ik bewiis myn geunst

oan it tûzenste geslacht fan harren dy't My leafhawwe

en myn geboaden ûnderhâlde.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Misbrûk de namme fan de Ivige, dyn God, net

want de HEARE lit net frij-út gean,

wa't syn namme misbrûkt.

Wy loovje en wy tankje Jo.

ûnderhâld de rêstdei – datst dy apart setst,

lykas de Ivige, dyn God, dy hjitten hat.

Seis dagen meisto tsjinje en dwaande wêze mei dyn wurk.

De sânde dei lykwols is in dei fan rêsten,

foar de Ivige, dyn God;

Al dyn wurk moatst lizze litte: do, dyn soan, dyn dochter,

de man of frou yn dyn tsjinst,

dyn okse en dyn ezel en al dyn fee

en de frjemdling dy't by dy wennet –

dan kinne de man en de frou yn dyn tsjinst
rêst hawwe, lykas dosels.
Tink der dan oan, datst sels tsjinstber west hast yn it lân
Egypte
en dat de Ivige dy dêr weihelle hat
mei in sterke hân en in útstutsen earm.
Dêrom hat de Ivige, dyn God, dy hjitten
om de rêstdei te hâlden.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Earje dyn heit en mem,
lykas de Ivige, dyn God, dy hjitten hat –
datst lang libje meist en it dy goed gean mei
op 'e grûn dy't de Ivige, dyn God, dy jout.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Moardzje net.

Brek de trou net.

Stel net.

Lis gjin falske ferklearring ôf oer dyn neiste.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Begear de frou fan dyn neiste net.

Longerje net op it hûs fan dyn neiste,

noch op syn lân,

noch op de man of frou yn syn tsjinst,

noch op syn okse of ezel –

noch op wat ek mar in plak krigen hat

yn it libben fan dyn neiste.

Wy loovje en wy tankje Jo.

Allegearre dy't libje yn dizze wrâld

en útsjogge nei Gods takomst,

priizgje syn namme yn ivichheid.

Liturgyske sangen 33-34

*Hjirnei kin de gemeente fuortdalik ien fan de folgjende
berime psalmen (lofprizingen) út it Lieteboek ynsette:*

Psalm 41:4

Psalm 72:7

Psalm 106:21

Psalm 117

Psalm 150 (benammen gaadlik op feestdagen)

6 DE TSIEN WURDEN AS BELIDENIS FAN IT LEAUWEN
(parafraze)

Wy leauwe mei hert en siel
dat de HEARE ús God is, de iennige.
Hy hat ús befrijd –
gjin oare goaden sille wy tsjinje,
gjin inkeld byld fan de Libbene sille wy meitsje.

Wy leauwe,
dat wy nei syn byld en likenis skepen binne –
dat wy yn Gods namme libje sille.

Wy leauwe,
dat de dei fan de HEARE hillich is –
dat wy earbied skuldich binne oan
dy't ús foargeane nei it lân fan Gods belofte.

Wy leauwe,
dat allinne leafde de dea oerwint –
dat wy inoar trou wêze meie,
lykas God Him mei ús ferbûn hat.

Wy leauwe,
dat in betrouber tsjûgenis foar ús neiste oer
en de earbiediging fan syn besit
is sa't God it bedoeld hat.

Ja dat leauwe en belide wy,
foar God en elkoar.
Amen.

Liturgyske sangen 35

7 DE TSIEN WURDEN AS UTSTJOERING (parafraze)

Goed is it wat Jo ynset hawwe, God,
Jo wize ús de wei nei jo takomst.
Wy loovje en tankje Jo, om't Jo aloan tsjin ús sizze:

Ik bin de Ivige, jim God;
Ik haw jim weihelle,
út it tsjinsthûs.

Jim sille gjin oare goaden foar myn antlit hawwe.
Jim sille jim gjin byld meitsje fan hokfoar skepsel
en dêrfoar bûge en it tsjinje.

Amen. Sa sil it wêze.

Jim sille de Namme fan de Ivige, jim God,
net samar brûke.

Amen. Sa sil it wêze.

Hâld de rêstdei yn eare.
Dan sille jim net arbeidzje
en nimmen dy't by jim is.
Hillich is dy dei en seinge.

Amen. Sa sil it wêze.

Earje jim heit en mem,
dat jim dagen fermeardere wurde
yn it lân dat de Ivige, jim God, jim jout.

Amen. Sa sil it wêze.

Jim sille net deadzje.

Jim sille inoar net ûntrou wêze.

Jim sille net stelle.

Jim sille gjin ûnwierheid sprekke tsjin jim neiste.
En jim sille it sin net sette op wat fan jim neiste is.

Amen. Sa sil it wêze.

Goed is it wat Jo ynset hawwe, God,
Jo wize ús de wei nei jo takomst.

Liturgyske sangen 36

8 DE TSIEN WURDEN AS UTSTJOERING (parafraze)

Mei jo wurd yn ús hert
en mei ús hannen feardich ta jo wurk
sprekke wy út, o HEAR,
tsjin Jo en tsjin ús neiste:

dat wy Jo tsjinje sille en nimmen oars –
dat wy jo byld en likenis sjen sille
 yn it stal fan Jezus Kristus,
 tsjinstfeint fan de minsten fan 'e minsken –
dat wy Jo namme hilligje sille –
dat wy de dei dy't Jo takomt fiere sille –
dat wy ús âlden earbiedigje sille –
dat wy it libben heech hâlde –
dat wy inoar trou wêze sille –
dat wy ús neat fan inoar ta-eigenje sille –
dat wy inoar iepen yn 'e eagen sjen sille –
dat wy inoar it goede fan it libben gunne –

Sa ha wy it heard,
sa sille wy it dwaan,
HEAR, ús God,
heech te priizgjen binne Jo.
Amen.

Liturgyske sangen 37